

- 10:00 Ynrin en kofje
- 10:25 Iepening
- 10:30 Evelyn Bosma, Fryske Akademy, Universiteit van Amsterdam
Bilingualism and cognition: acquiring cognates with a cross-linguistic phonological regularity
- 11:00 Lysbeth Jongbloed-Faber, Fryske Akademy, KNAW
It tweetgedrach fan @LWD2018
- 11:30 Paulus van Sluis¹, Eric Hoekstra² en Hans van de Velde² – ¹University of Wales, ²Fryske Akademy
Taalkundige, histoaryske en sosjologyske aspekten fan it ûntstean fan it Biltsk
- 12:00 Temmo Bosse, Europa-U. Flensburg / Christian-Albrechts-U. zu Kiel
Die nord- und ostfriesischen Wenkermaterialien
- 12:30 Lunsj – Lunch
- 14:00 Christoph Winter, Christian-Albrechts-Universität zu Kiel
Zum Gebrauch der Himmelsrichtungen im Nordfriesischen
- 14:30 Inge van der Kloet, Christian-Albrechts-Universität zu Kiel
It gebrûk fan yntinsjonele metafoaren oer de Fryske taal yn de Fryske parse:
“De Fryske taal is in skûtsje sûnder skipper. Mar it skûtsje driuwt noch.”
- 15:00 Kofje/Tee – Koffie/Thee
- 15:30 Jelske Dijkstra¹, Hans Van de Velde¹, Emre Yilmaz², Henk van den Heuvel², David van Leeuwen², Frederik Kampstra³, Jouke Algra³
¹Fryske Akademy, ²Radboud Universiteit Nijmegen, ³Omrop Fryslân
In skatkeamer oan taal: it radio-argyf fan Omrop Fryslân
- 16:00 Myrthe Bergstra, OTS (AThEME-project), Universiteit Utrecht
Veranderingen in het Friese zinsdomein onder invloed van het Nederlands
- 16:30 Buorrel – Borrel

Bilingualism and cognition: acquiring cognates with a cross-linguistic phonological regularity

Bilingual speakers of phonologically overlapping languages make use of cross-linguistic phonological regularities. An example is Frisian *-ân* [ɔ:n] and Dutch *-and* [ant], as in the cognate pairs *hân* [hɔ:n] - *hand* [hant] 'hand' and *lân* [lɔ:n] - *land* [lant] 'country'. Acquisition of these regularities can be seen as a form of rule-based categorization, which has been shown to be related to both verbal working memory and selective attention. We investigated the relationship between verbal working memory and selective attention on the one hand and the acquisition of cognates with a cross-linguistic phonological regularity on the other. For three consecutive years, Frisian-Dutch bilingual children (n = 120) were tested annually on selective attention, verbal working memory and a Frisian receptive vocabulary task that comprised four cognate categories: (1) identical cognates, (2) non-identical cognates that either do or (3) do not exhibit a simple phonological regularity between Frisian and Dutch, and (4) non-cognates. The results showed that selective attention advances the acquisition of identical cognates and cognates with a cross-linguistic phonological regularity and that the acquisition of cognates with a cross-linguistic phonological regularity enhances verbal working memory. This suggests a bidirectional relationship between cognitive functioning and the acquisition of cross-linguistic phonological regularities.

Lysbeth Jongbloed-Faber, Fryske Akademy, KNAW
ljongbloed@fryske-akademy.nl

It tweetgedrach fan @LWD2018

Yn 2013 is Ljouwert keazen ta Europeeske Kulturele Haadstêd fan 2018 (tenei KH2018). Yn it bidboek waard grut ynset op de meartalige situaasje yn de provinsje en de belutsenheid fan de mienskip.

Yntusken is it 2016. De tariedingen foar 2018 binne yn folle gong. Twa fan de diskusjes om KH2018 hinne dy't geregeld weromkomme, binne it taalbelied fan KH2018 en oft KH2018 in elitefeestje wurde sil of net. KH2018 seit bygelyks dat se om budzjettêre redenen twongen binne om harren kommunikaasje yn it Nederlânsk te dwaan en freget om fergeze Fryske fertalingen út de mienskip wei. Dyselde mienskip wurdt ek oanhelle as de diskusje giet oer it elitêre gehalte fan KH2018.

Yn dit ûndersyk sjoch ik nei it tweetgedrach fan @LWD2018. Ik sil dêrby net allinnich de tweets op de tiidline fan @LWD2018 bestudearje, mar ek de tweets dy't út de mienskip wei oer KH2018 ferstjoerd binne. Hokker tweets - wêroer, yn hokker taal en troch wa – wurde troch @LWD2018 *retweet* of *liked*, en hokker tweets wurde troch KH2018 negearre en net fierder ferspraat. Dêrmei wol ik in antwurd jaan op de fraach foar hoefier de meartaligens- en mienskipkomponenten troch KH2018 op Twitter droegen wurde.

Paulus van Sluis¹, Eric Hoekstra² en Hans van de Velde² – ¹University of Wales, ²Fryske Akademy

Taalkundige, histoaryske en sosjologyske aspekten fan it ûntstean fan it Biltsk

It Biltsk is in Fryske streektaal mei sa'n 10.000 sprekkers as earste of twadde taal yn de provinsje Fryslân. It wurdt faak sjoen as in Hollânsk dialekt mei in soad Fryske ynfloed. It doel fan dizze presintaasje is om sjen te litten dat dizze klassifikaasje gjin rjocht docht oan de ferdieling fan Fryske en Hollânske eleminten yn it Biltsk.

Op basis fan in taalkundige analyze wurdt it Bildtsk ferlike mei syn boarnetalen: it Frysk oan de ien kant en Súdholllânsk dialekt oan de oare kant. It wurdt sjen litten dat it Bildtsk in leksikon hat dy't fierhinne basearre is op Súdholllânsk dialekt en in grammatika dy't foaral Frysk is. Lykwols hat it Bildtske leksikon doch wat Fryske wurden, en de grammatika is ta in hichte simplifisearre. De krekte miks kin net maklik beskreaun, lit stean, ferklearre wurde yn modellen fan taalkontakt.

Us taalkundige oanpak wurdt kombinearre mei in sosjohistoaryske rekonstruksje om te bewizen dat it Biltsk as in mingtaal sjoen wurde moat. It Bildtsk is dêrom te ferlykjen mei bekende gefallen as it Ma'a, dat sprutsen wurdt yn Tanzania.

De spesifike aard fan de miks is it gefolch fan wjersidige oanpassing fan twa groepen sprekkers: memmetaalsprekkers fan it Frysk dy't it Bildtsk as twadde taal learden en balansearre twataligen dy't sawol Bidltsk as Frysk praten.

Temmo Bosse, Europa-Universität Flensburg / Christian-Albrechts-Universität zu Kiel
temmo.bosse@gmx.net

Die nord- und ostfriesischen Wenkermaterialien

Die sogenannten Wenkersätze haben für die Dialektologie des deutschsprachigen Raumes eine herausragende Bedeutung. Ab 1876 wurden von Georg Wenker und seinen Nachfolgern insgesamt über 50.000 Fragebögen mit Übersetzungen dieser Sätzen erhoben, zunächst im damaligen Deutschen Reich, später aber auch darüber hinaus. Neben zahlreichen deutschen und niederdeutschen Sprachproben gelangten dabei auch in weiteren Sprachen ausgefüllte Bögen in den Bestand. Friesischsprachige Übersetzungen aus Georg Wenkers Erhebungen stammen dabei vor allem aus Nordfriesland, sie stehen im Zentrum des Vortrages. Es existieren aber auch einige Bögen aus dem Saterland und von Wangerooge. Dabei sind auch heute ausgestorbene oder akut bedrohte Dialekte dokumentiert. Insgesamt haben diese friesischen Wenkermaterialien im Laufe der Zeit aber nur wenig Beachtung bei Sprachforschern gefunden. Im Vortrag werden die Wenkermaterialien kurz vorgestellt und einer Beurteilung unterzogen.

Zum Gebrauch der Himmelsrichtungen im Nordfriesischen

Die sprachliche Lokalisierung von Objekten in einem physikalischen Raum geschieht in der Regel unter Zuhilfenahme eines Referenzobjekts und eines Bezugssystems. Im Hochdeutschen wird die Position von Objekten insbesondere mit Begriffen wie *links / rechts / vor / hinter* auf Grundlage des relativen und des intrinsischen Referenzrahmens angegeben, während die auf dem absoluten Referenzrahmen basierende Lokalisierung von Objekten anhand von Himmelsrichtungen im Regelfall eine untergeordnete Rolle spielt. Begriffe wie *nördlich / östlich / südlich / westlich* o. ä. werden hier in der Hauptsache verwendet, um die Position großflächiger geografischer Einheiten zu spezifizieren. Demgegenüber suggerieren eine ganze Reihe von Beispielen aus nordfriesischen Quellen, dass die Himmelsrichtungen – und damit der absolute Referenzrahmen – in der Sprache der Nordfriesen nicht nur auf die Lokalisierung geografischer Einheiten, sondern auch auf Gegenstände und Lebewesen angewandt werden konnten:

- kar. [...] *en grefthuged aw Omram, awāstrige wei nārden fon Sutharp* ‚[...] ein Grabhügel auf Amrum, westlich des Weges nördlich von Süddorf‘
- wi. *Jensine, ä Fummel, stö en Aarstere et Jarrmhüss* [...] ‚Jensine, das Mädchen, stand im Osten des Armenhauses [...]‘
- mgh. *Let üs nü man en betje wider ä't Sööden un ååsten dj Wai auer* ‚Lasst uns nun mal ein bisschen weiter nach Süden und nach Osten über den Weg rüber‘
- syl. *Tö di Wäst-Sid fan di Südder-Düür pleid en gurd't Kuuren-Kest tö stunnen* ‚Auf der Westseite der Südertür pflegte eine große Kornkiste zu stehen‘
- wi. *Jü sjitt harr on di meeklikke Lennstool üt bai't Sörrerwenning, dir widdst ta Weerster lä* ‚Sie setzte sich in den gemütlichen Lehnstuhl am Südfenster, das/der am weitesten im Westen lag‘
- mgh. *Jü wåår Krüschon Holthüsen sin Wüf, fon de ååster Holthüsens, Jehan sin* ‚Sie wurde Christian Holthusens Frau, von den östlichen Holthusens, Johanns‘

Anhand der Beschreibung von Gebrauchskontexten, die aus hochdeutscher Perspektive außergewöhnlich erscheinen, diskutiert der Vortrag die Rolle der Himmelsrichtungsbegriffe bei der sprachlichen Objekt-Lokalisierung im Nordfriesischen. Einhergehend werden historische Voraussetzungen, Umwelteinflüsse und kulturelle Entwicklungen thematisiert.

Inge van der Kloet, Christian-Albrechts-Universität zu Kiel
ivdkloet@gmail.com

It gebrûk fan yntinsjonele metafoaren oer de Fryske taal yn de Fryske parse: “De Fryske taal is in skûtsje sûnder skipper. Mar it skûtsje driuwt noch.”

It gebrûk fan metafoaren is in wichtich skaaimerke fan taal. De measte metafoaren falle jin net iens op, om't se troch it hieltyd wer brûken sa ynprinte binne yn ús holle, dat se as konvinsjoneel taalgebrûk beskôge wurde kinne (e.g. Croft & Cruse 2004: 207; Handl & Schmid 2011: 1). Neffens de teoretyske ynsichten fan de Conceptual Metaphor Theory (Lakoff & Johnson 1980) geane wy der fan út dat de measte metafoaren universeel binne; deselde metafoaren komme yn de hiele wrâld en yn in protte talen foar. Bepaalde metafoaren binne lykwols net universeel, mar kultureel spesifyk (Kövecses 2005: 35) of foarmje folslein nije “blends” fan twa ferskillende domeinen, neffens de saneamde Conceptual Blending Theory (Fauconnier & Turner 2002).

Dy saneamde nije metafoaren wurde troch sjoernalisten faak ynset om de oandacht fan de lêzer te lûken. Troch taal dêryn op in bysûndere manier te brûken moat de lêzer der efkes by stilstean bliuwe om se te begripen (Kövecses 2010: 35); se binne ommers net ynprinte yn it brein en de lêzer moat yn sa'n gefal in tydlike “romte” yn it brein kreëarje (Fauconnier & Turner 2002). Om't se yn't earste plak ek werjowe hoe't der tocht wurdt oer in bepaald ûnderwerp wurde metafoaryske konseptualisaasjes yn kranteartikels bytiden ek mei sin brûkt, as middel om de lêzer te beynfloedzjen of op oare gedachten te bringen (Handl & Schmid 2011: 3).

Hjir wol ik besjen hoe't opsetlike metafoaren brûkt wurde yn de 'Fryske parse' om de Fryske taal te konseptualisearjen. It argyf fan de Ljouwerter Krante wurdt dêrby brûkt as korpus. Wat sizze dizze metafoaren oer ús kultuer en hoe soene se de manier hoe't wy tsjin de Fryske taal oansjogge, beynfloedzje kinne?

Croft, W., & Cruse, A. (2004). *Cognitive Linguistics*. Cambridge: Cambridge University Press.

Fauconnier, G., & Turner, M. (2002). *The way we think: Conceptual blending and the mind's hidden complexities*. New York: Basic Books.

Handl, S., & Schmid, H.-J. (2011). Introduction. In *Windows to the mind: metaphor, metonymy and conceptual blending* (pp. 1–20).

Kövecses, Z. (2005). *Metaphor in culture*. Cambridge: Cambridge University Press.

Kövecses, Z. (2010). *Metaphor: A practical introduction* (2nd ed.). Oxford: Oxford University Press.

Lakoff, G., & Johnson, M. (1980). *Metaphors we live by*. Chicago: University of Chicago Press.

Jelske Dijkstra¹, Hans Van de Velde¹, Emre Yilmaz², Henk van den Heuvel², David van Leeuwen², Frederik Kampstra³, Jouke Algra³

¹Fryske Akademy, ²Radboud Universiteit Nijmegen, ³Omrop Fryslân

jdijkstra@fryske-akademy.nl

In skatkeamer oan taal: it radio-argyf fan Omrop Fryslân

Binnen it projekt FAME! (Frisian Audio Mining Enterprise) wurdt wurke oan in spraakwerkenner foar it Frysk. By spraakwerkenning set in kompjûterprogram sprutsen taal om yn skreaune tekst. It úteinlike doel is om mei dy spraakwerkenner it radio-argyf fan Omrop Fryslân te ûntsluten. Dat grutte argyf bestiet út radio-opnamen fan de Omrop fan de jierren '50 oant no.

Om in spraakwerkenner te ûntwikkeljen en te trainen is ûnder oaren in soad sprutsen en transkribearre taal nedich. Dêrom binne by de start fan it projekt 203 radiofragminten fan elk sa'n 5 minuten, yn totaal sa'n 18,5 oeren radio, hânjittich transkribearre en annotearre troch twa memmetaalsprekkers fan it Frysk. It giet hjir om fragminten fan allerhande programma's en ûnderwerpen (nijs, kultuer, literatuer, lânbou, natoer, ensfh.) út alle desennia fan it bestean fan de Omrop. Yn dy lûdsfragminten wurdt net allinnich Frysk praat. Dêr't sprake is fan meartaligens, dêr wikselje minsken tusken harren talen en op de radio is dat net oars. Yn de transkripsjes is dêrom annotearre wannear't binnen of tusken sprekkers nei in oare taal wiksele wurdt, bg. it nei Nederlânsk as it Ingelsk. Dit betsjut dat de spraakwerkenner eins meartalich wurdt, want it moat omgean kinne mei dy taalwiksels. It ûntsletten radio-argyf fan Omrop Fryslân foarmet aanst dan ek in skatkeamer oan taal en jout in prachtich byld fan mear as in heale ieu sprutsen Frysk. Yn de lêzing wurdt yngongen op de betsjutting fan spraakwerkenning foar it Frysk en sil wiisd wurde op ferskate ûndersyksmooglikheden fan sawol de 'lytse'database dy't no transkribearre is as it folsleine radio-argyf dat aanst mei de spraakwerkenner ûntsletten wurdt.

De ûntwikkeling fan de spraakwerkenner bart binnen in konsortium dat bestiet út de Radboud Universiteit Nijmegen, Omrop Fryslân, Tresoar, Gridline en de Fryske Akademy.

Veranderingen in het Friese zinsdomein onder invloed van het Nederlands

Het Nederlands en Fries hebben voor een groot deel een vergelijkbare syntaxis. Toch zijn er enkele opvallende verschillen, die na eeuwen van contact nog steeds aanwezig zijn. Taalcontact heeft dan ook minder vaak en minder gemakkelijk effect op de syntaxis van een taal, dan op andere aspecten zoals fonologie en vocabulaire (Thomason, 2001). Toch zien we ook in de syntaxis soms veranderingen die door invloed van het Nederlands zijn veroorzaakt, of tenminste veroorzaakt lijken te zijn (De Haan, 2010).

Het doel van dit onderzoek is om de rol van het Nederlands te identificeren in veranderingen binnen het zinsdomein van de Friese syntaxis. Er wordt gekeken naar acht aspecten waarop de Nederlands en Friese syntaxis van elkaar verschillen:

- de IPI-constructie
- Verb Second in ingebedde zinnen
- preposition stranding
- de aspectuele werkwoorden *gaan* en *blijven*
- incorporatie
- *-e* en *-en* infinitieven
- voegwoorden
- de absentiefconstructie

Door middel van enquêtes met grammaticaliteitsoordelen zal worden onderzocht of er hier sprake is van syntactische verandering. In deze presentatie worden de eerste resultaten besproken die antwoord moeten geven op de volgende vragen: accepteren de participanten meer varianten dan de oorspronkelijke Friese varianten? Zijn dit dan “vernederlandste” constructies die geaccepteerd worden, of zijn er ook geheel nieuwe vormen ontstaan? Om de rol van het Nederlands beter in kaart te brengen wordt er gekeken hoe de taalachtergrond van de participanten (bijvoorbeeld acquisitieleeftijd of de kwantiteit van het taalgebruik) samenhangt met hun oordelen over de constructies.